

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2019 FAN IT

Argeologysk Wurkferbân

DOELSTELLING: Doel is om amateur-argeologen yn it Argeologysk Wurkferbân ûnder te bringen.

Hja kinne dan lêzingen bywenje en meidwaan oan ekskurzjes. Oansprekkend is fierders dat hja, troch mei te dwaan oan opgravingen fan foechhawwende ynstânsjes, praktykerfaring opdogge.

BESTJOER

Foarsitter	G. Schotanus
Skriuwer	J. Tiemersma
Leden	J.P. de Groot, K. Jager en H. de Jong
Binne der yn 2018 bestjoersleden ôfgien?	Ja.
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Binne der yn 2018 nije bestjoersleden beneamd?	Nee.
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	Nee.
Wiene der op 31 desimber 2018 fakatueren yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee.

LEDEN

Tal leden op 1 jannewaris 2018	100
Tal leden op 31 desimber 2018	?
Talittingsbetingsten	Wa't stiper is fan de Fryske Akademy, kin meidwaan oan de aktiviteiten fan de wurkferbannen.

AKTIVITEITEN

Lêzingen / gearkomsten		
Datum	1.	14 febrewaris 2019
Sprekker		Dennis Worst
Titel fan de lêzingen		De agrarische veenontginning
Opkomst (tal leden en oare gasten)		21
Gearfetting: Dennis Worst deed verslag van zijn promotie-onderzoek naar dit onderwerp, eind dit jaar hoopt hij zijn proefschrift klaar te hebben. De lezing ging over zijn onderzoekgebied, de beekdalen van Tjonger en Linde, de veenwinning en de gevolgen voor het huidige landschap.		
Datum	2.	18 april 2019
Sprekker		Fré Spijk en Bert Kremer
Titel fan de lêzing		'Archeologie en historie in de regio Staphorst'.
Opkomst (tal leden en oare gasten)		20
Gearfetting: De lêzing wie te ferdielen yn trije parten. It earste wie it tsjintwurdige natuergebiet De Garste en omkriten. Dit blykt in ryk fynplak te wêzen as it giet om guod út 'e Stientiid. It Zwartewatersklooster, of better sein, it plak dêr't dat stien hat, wie it twadde brânpunt. Yn it lêste diel stiene de fierdere aktiviteiten fan de wurkgroep yn dy regio sintraal.		

Datum	3.	1 oktober 2019
Sprekker		Vincent van Vilsteren
Titel fan de lêzing		Wat doet die bronzen pot daar bij de kei van Tijnje?
Opkomst (tal leden en oare gasten)		20
<p>Gearfetting: De ynlieder begûn mei it ferhaal fan de grutte stien dy't sûnt jier en dei ûnder De Tynje lei en dy't tsjintwurdich brûkt wurdt as tinkstien op it Reaklif ('Leaver dea as slaef'). By it útgraven kaam op grutte djipe in brúnzen pot oan it ljocht, in eksimplaar út 'e 16e iuw. It gie om in solitêre fynst, wat by dizze potten gjin útsûndering, mar earder regel is.</p> <p>Hjirnei ljochte de ynlieder noch in oantal fynsten ta, lykas dy yn de grêft fan it eardere kastiel Oud Haerlem te Heemskerk, dêr't mar leafst alve brúnzen potten oantroffen waarden. De grutste fynst yn Fryslân (fiif stiks) waard dien by it earder Cammingaslot te Ballum op it Amelân.</p>		
Datum	4.	28 novimber 2019
Sprekker		Egge Knol
Titel fan de lêzing		Hogebeintum aan snee
Opkomst (tal leden en oare gasten)		30
<p>Gearfetting: De sprekker gie yn op de ôfgraving fan de terp te Hegebeintum, dy't ein 19e iuw úteinsette en ta in ein kaam yn 1908, mei noch in restant dat yn 1928 fuorthelle waard. It wie gebrûklik om de grûn te ferkeapjen oan de skippers, dy't de bringst dan wer trochferkochten oan boeren dy't dêrmei har grûn ferbetteren. Faak waard der, om de grûn ôffiere te kinnen, ynfrastuktuer oanlein, lykas in wei, in spoarlyntsje of in feart.</p> <p>Doe't op in bepaald stuit in grêffjild oan it ljocht kaam, waard it Fries genootschap, dat al meardere fynsten yn besit hie, warskôge. Sa kaam it dat in pear seksjes ûnder tafersjoch ôfgroeven waarden. Hjirfoar waard troch P. Boeles in studint (Jouke van der werf út Reduzum) oansteld. Dy makke sketskes en tekeningen, lang net fan de hjoeddeis fereaske kwaliteit, mar brûkber. Dêrneist makke er foto's.</p>		
Sympoasia		
Datum en lokaasje	1.	
Titel		
Doelstelling		
Sprekkers en titel bydrage		
Opkomst (tal leden en oare gasten)		
Gearfetting (maksimaal ½ A4)		
Publikaasjes (ynklusyf boek-presintaasjes)		
Datum	1.	
Namme tydskrift of útjouwerij		
Auteur		
Titel fan de publikaasje		
Tal siden		
Koarte omskriuwing tematyk doel publikaasje		
Datum	2.	
Namme tydskrift of útjouwerij		
Auteur		
Titel fan de publikaasje		
Tal siden		
Koarte omskriuwing tematyk doel publikaasje		

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

Datum	3.	
Namme tydskrift of útjouwerij		
Auteur		
Titel fan de publikaasje		
Tal siden		
Koarte omskriuwing tematyk doel publikaasje		
Ekskurzjes		
Datum	1.	25-05-2019
Reisdoel	It Yeb Hettingemuseum te Furdgum	
Gids gastsprekker	Dhr. Saakstra	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	15	
Oare aktiviteiten		
8 juny: Argeologydei Skierstins Feanwâlden.		28 juny en 10 desimber: begelieding graafwurk tsjerke Easterein. Plus rapport.
Juny/july: begelieding graafwurk Wolvegea. Plus rapport.		29 oktober: Museum Grou: op fersyk bestjoer determinaasje fynsten.
13 july: ûndersyk terrein Koldaard by Grou. Wurdt 2020 ferfolge.		23 maart: fjildferkenning by Munnekeburen.

FINÂNSJES

Totaal útjeften	€	
Spesifikaasje útjeften:		
- Bestjoerssaken	€	
- Gearkomsten	€	
- Lêzingen	€	400,-
- Sympoasia	€	
- Publikaasjes	€	
- Ekskurzjes	€	
- Oare saken	€	

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN

--